



# Staveringshifker

## Ynstruksjes foar ynstallaasje fan de standalone-ferzje Staveringshifker foar Microsoft Office

Ferzje 1, 01-12-2015

Dizze staveringshifker wurket yn alle programma's fan Office 2010 en 2013 (Windows 7, 8(.1), 10) en is te krijen yn in ferzje foar Office 32-bits en 64-bits.

### Systeem

Om nei te gean oft jo in 32- of 64-bits Officeferzje op jo systeem hawwe: Bestand, Help (Word 2010); Bestand, Account, Info over Word (Word 2013).

### Ynstallaasje en brûken

Start nei it downloaden it ynstallaasjebestân op en folgje de ynstruksjes op it skerm om de staveringshifker te ynstallearjen.

Om dizze staveringshifker brûke te kinnen moatte jo de taal fan jo dokumint ynstelle op 'Fries' (tabblêd Controleren → Taal → Controletaal instellen → Fries).

### Foarkarswurdlist

Dizze staveringshifker makket by it hifkjen gjin gebrûk fan in ynternetferbining en befettet minder opsjes foar taalstipe as de aparte plugins foar Word, Outlook, Powerpoint en Excel. De hifker markearret gewoane typflaters, ferkeard stavere wurden of wurden dy't net yn 'e Foarkarswurdlist foar it Frysk steane. Sjoch foar mear ynformaasje oer de Foarkarswurdlist foar it Frysk: [taalweb.frl/foarkarswurdlist](http://taalweb.frl/foarkarswurdlist).

### Help

Wy binne fansels ree om jo te helpen by problemen by de ynstallaasje. Om't it lestich wêze kin om helpfragen fia de telefoan te beäntwurdzjen, kinne jo jo fragen it bêste stelle yn in e-mail oan [taalweb@fryske-akademy.nl](mailto:taalweb@fryske-akademy.nl).

As jo yn dy e-mail presys útlizze hokker stappen jo yn it ynstallaasjeproses dien hawwe, en by hokker stap oft jo in probleem ûnderfûn hawwe, dan is de kâns it grutst dat jo probleem oplost wurde kin. rije jo in foutmelding, meitsje dêr dan in kopy fan, of notearje presys wat oft de foutmelding is. Jou a.j.w. ek oan hokker ferzje fan Microsoft Office oft jo brûke.